



Moasje frjemd oan de oarder fan de dei oangeande it ôfskaffen fan de ferhierdersheffing.

De gemeenteried fan Waadhoeke byinoar yn de riedsgearkomste fan tongersdei 14 novimber 2019,

Konstatearjende dat:

- Wenningkorporaasjes in foarlûkersrol hawwe by de transysje fan de beboude omjouwing en it leefber hâlden fan doarp, stêd en plattelân;
- Wenningkorporaasjes in ferhierdersheffing oan it Ryk betelje moatte oer de WOZ-wearde fan sosjale hierwenten;
- Út antwurden op fragen yn Provinsjale Steaten bliken docht dat wenningkorporaasjes yn Fryslân, dus ek yn de gemeente Waadhoeke, alle jierren likernôch twa moanne hier fan har wenten oan it Ryk ôfdrage moatte. Foar Fryslân wurdt dat bedrach jierliks op €40.000.0000 rûze, foar de gemeente Waadhoeke wurdt de ôfdracht fan Wonen Noord West Friesland de kommende tsien jier op €22.000.000 ynskatten.
- Wenningkorporaasjes troch de ferhierdersheffing minder ynfestearje kinne yn nijbou, leefberens, ferdoursuming en it betelber hâlden fan de hierprizen;
- In grut tal wenningkorporaasjes beswier makket tsjin de ferhierdersheffing;
- Sûnd ein oktober 2019 dúdlik wurden is dat de opbringst fan de ferhierdersheffing benammen yn de rânstêd ynfestearre wurdt.

Oerwaagjende dat:

- Hierders troch de heffing neidielige finansjele konsekwinsjes ûnderfine, troch it net útfieren fan duorsumensmaatregels yn de sosjale wentebou of troch ferheging fan de hierprizen;
- De útdagings yn Fryslân, dus ek yn de gemeente Waadhoeke, oars binne as yn de rânstêd: wij moatte ferkrotting tsjingeane, leefberens yn doarp, stêd en plattelân oerein hâlde en mei it each op de opjeften út it klimaataakkoart moatte de (sosjale) wenten ek yn de gemeente Waadhoeke ferduorsume wurde;
- De wenningkorporaasjes sels hiel goed yn byld hawwe wêr't ynfestearings nedich binne;

Fersiket it Kolleezje:

- Yn oparbeidzjen mei de Fryske gemeenten, de provinsje Fryslân, de Vereniging Friese Woningcorporaties, IPO en de VNG der noch yn 2019 by it Ryk op oan te trunen dat de ferhierdersheffing ôfskapt wurdt ~~en dat der nije finansjele Ryksmiddels beskikber komme foar plattelâns- en stedsferrijing;~~

En draacht de Griffy op:

- Disse moasje fia de griffy's nei alle oare gemeenterieden yn Fryslân en (yn oersetting) oan alle griffy's fan oare gemeenten yn Nederlân ta te stjoeren;
- Disse moasje ek nei de Minister fan Miljeu en Wenjen, de Earste- en Twadde keamer te te stjoeren;

Nammens de fraksjes fan FNP, SAM, CU en GB

Bert Vollema

Goverm Geldof

Dit Bloem

Douwe Kamstra

Aan de griffy
 Voor FNP, SAM
 (20) CU, GB, CW
 Tegen VVD (3)
 Griffy